

# Tredde Persoan Dualis

Petra Kolmančič

oarewurden drugebesede  
||| | | ||| | |



Fryske oersetting: Abe de Vries

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



## **METASTASIS**

De twa streakje inoar sûnder ophâlden,  
inoar oertsjûgjend fan  
wat se binne, wat se wêze koene, wat se graach hawwe.  
Dan klamje se har fêst oan inoar, sinke yn inoar, nimme klean fan inoar.  
Dan falle se út tsjin inoar,  
om wat mear te learen as wat se binne, wat se wêze koene, wat se graach hawwe.

Do bist de earste om dyn epidermis iepen te snijen.  
Do sjuchst dat der mannichten binne ûnder de hûd,  
en dat alle bonken likefolle hoe  
teplak skikt kinne yn nije kombinaasjes.  
Dan docht er op 'e nij in fyk,  
en syn reade fleis blosset, syn gêstich bloed floeit.  
Tear befielet er de etterjende bûlen, de knobfels, de koarsten  
en alle oare symptomen  
fan dizze lêste  
faze  
fan slettenens

## **AMFIBYEN**

Wy belykje amfibyen; bytiden bûten, op it droege,  
bytiden tenûnder yn ús eigen ynterne sompen.

Wy fiele ús feilich yn ús peiske sompen.  
Wy tiere deryn.

Wy binn' gefoelich foar efkes reitsje, noli me tangere;  
en foar wurden en blikken, noli me legere, noli me videre.

Us bloed is somtiden hjit, somtiden iiskâld, somtiden ferwettere.  
Wy ha membranen achter ús eachlidden, en twa lidden mear,

dan kinn' wy se stiif taknipe, en fertikaal en horizontaal.  
Wy frije sûnder nei inoar te sjen,

inoar fanachteren oanfallend, dat wy gripe kinne,  
omfoarmje en fantasearje ús lusten en bylden.

Neitiids fertrekke wy, gean ús wegen, om't dyjinge  
dy't ús oanfalt ier of let begjint sa drôf te rûken,

en dat falt net te ferdragen, dat mei net droegen wurde.  
Wy belykje amfibyen; antagonisme sûnder holle en fuotten.